

**Preek oer Markus 12,41-44** (Windesheim, 6 april 2014; Oerterp, 4 maaie 2014)

*Windesheim*

Koar: Wolkom, freugde fan 'e wrâld  
Fotum en groetnis  
Sjonge: Psalm 26:1,2,3  
Gebed  
Skriflêzing: Markus 12,28-44  
Sjonge: Psalm 37:6,8  
Preek oer Markus 12,41-44  
Koar: Yn d' iere moarn  
De tsien geboaden (Deuteronomium 5,6-21)  
Sjonge: Gesang 161:1,4 (Grifformearde Tsjerkeboek)  
Koar: Nachtrêstbegearte of Jûwnbede  
Gebed  
Kollekte  
Sjonge: Gesang 381:3,4,5 (Lietboek foar de Tsjerken)  
Segen

*Oerterp*

Ps.26:1,2,3  
Gesang 161 (by doopjen Fenna van der Meulen)  
L Markus 12,28-44  
Ps.37:6,8  
T Markus 12,41-44  
Ps.66:5,6,7  
Liet 350:2,4 (nei wet, Deut.5,6-21)  
Liet 381:3,4,5 (nei kollekte)  
Liet 48:10 (nei segen)

Broers en susters yn Jezus Kristus,

De sint fan 'e widdo. Sa neamt de Nije Fryske Bibeloersetting it taferieltsje dat oan 'e ein fan Markus 12 beskreaun wurdt. Dat is wol moai fûn. Want as dy widdo twa muntsjes yn 'e offerkiste docht, moat Markus sels al útlizze hoefolle dy twa muntsjes wurdich wienen. Wy soenen sizze: mar ien sint. Ik soe hjoed lykwols sprekke wolle fan 'e *duit* fan 'e widdo. Want al betelje wy allang net mear mei duiten, wy brûke noch altiten de útdrukking: in duit yn it ponkje dwaan. Ien dy't in duit yn it ponkje docht leveret ek in bydrage. Dat hoecht net iens in finansjele bydrage te wêzen. Fan ien dy't in bydrage leveret oan in diskusje kinne wy ek sizze dat er in duit yn it ponkje docht. Dat betsjut dan net mear as dat hy ek wat seit.

Yn in preek oer de duit fan 'e widdo hoecht it dochs ek net allinnich oer sinten de gean? As ik nei oanlieding fan ús tekst freegje soe: Watfoar duit dogge jo yn it ponkje?, dan soe it ek mooglik wêze moatte en sis wat fan de tiid dy'sto bestegest oan it leauwen yn God of fan de enerzjy dy'sto stekst yn it soargjen foar dyn meiminske. Bydragen yn natuera dus.

It bemoedigjende fan it ferhaal oer de duit fan 'e widdo is dat dyn bydrage neffens Jezus net grut hoecht te wêzen om wat te betsjutten. Net in protte is goed, mar wat goed is is in protte. Dy earne widdo docht letterlik in duit yn it ponkje. Dochts hat sy der neffens Jezus mear yn dien as alle oaren dy't in bom duiten stoarten foar it goeie doel. Blykber sit it him der net yn datst in soad dochst om de Heare te tsjinjen.

Dat allinnich is al in hiele treast. Want ast sjochst nei wat oaren allegear foar it leauwen dogge, dan stekt dyn eigen bydrage der somtiden mar earmoedich by ôf. Do wilst faak al net watst op in kaartsje sette moastst foar ien dy't slim siik is. Der stiet wol in moaie bibeltekst op 'e foarkant, mar ast sels ek noch wat bemoedigjends skriuwe wolst krijst it mar net op papier. In hiel ferskil mei

guon fan 'e jongerein dy't planút tsjûgje kinne fan har leauwe yn Jezus. Miskien leit dy dat ek net sa. Mar ast sitst te switten op dy pear wurden dy'st yn twa tellen foarlêze kinst, soest wolle datst dat ek leard hiest. Meist dan sizze dat dyn kaartsje dochs net minder wurdich is as alle bemoedigjende wurden dy't in oar út de mûle rûgelje? Omdatsto wat dien hast dat dy swier ôfgiet, wylst in oar wat dien hat dat him licht ôfgiet? Krekt as dy earne widdo dus, dy't wat joech fan har earne, wylst oaren wat joegen fan har oerfloed?

Ik tink dat je dat sa wol sizze kinne. Want as Markus fertelt hoe't Jezus nei dy earne widdo sjocht, dan is dat om te fertellen hoe't Jezus *sjocht*. Net allinnich nei dy earne widdo, mar ek nei dy. Foar Him is it lytse dat dy swier falt mear wurdich as it grutte dat dy licht falt. Want mei dat lytse dat dy swier falt bringst in offer. Wylst foar wat gruts dat dy licht falt gjin fear hoechst te litten. Al is it noch sa djoer, it kostet dy neat. Gjinn tiid, gjinn jild, gjinn enerzjy.

Dêrom sil Jezus ek sa bliid west ha doe't dy wetlearaar tsjin Him sei: "Sa is it, Master; mei rjocht en reden seinen Jo: God leafhawwe mei jins hiele hert, jins hiele ferstân, jins hiele krêft en jins neiste leafhawwe sa't men jinsels leafhat is mear wurdich as alle brân- en fleisoffers". Dy man hie it begrepen. Want de offers dy't yn 'e timpel brocht wurden wienen hielendal gjin offers. Want se kosten de minsken dy't dy offers brochten neat. Sy hjitten wol offers, mar it wienen gjin offers. Wylst God leafhawwe betsjut datst alles watst yn dy hast ynsetst, en dyn neiste leafhawwe betsjut datst dysels op it spul setst. Dat is it offer dat God fan dy freget. Dat wie it offer dat dy earne widdo brocht.

Dochs komt der by my dan wol in fraach op. As Jezus sjocht nei dy earne widdo, sjocht Er dat sy in offer bringt. Want sy joech alles wat sy hie, alles dêr't sy fan libje moast. Mar hoe sjocht Hy dan nei minsken dy't in royale bydrage foar de timpel stoarten sûnder dat sy dêrfoar in offer hoegden te bringen?

As ik dit ferhaal lê, moat ik weromtinke oan de earste kear dat ik it heard ha. Dat wie yn 'e tredde klasse fan 'e legere skoalle. Doe't master sei dat dy twa muntsjes fan dy earne frou mear wurdich wienen as alle jild dat dy rike minsken yn 'e kiste dienen, rôp in jonge troch de klasse hinne: "As dy rike minsken krekt likefolle jaan woenen as dy earne frou, no, dan soenen se har jild mei in graafmasine nei de timpel bringe moatte!" Ik sjoch it noch altiten foar my: laadbakken fol mei gouden munten dy't boppe de offerkiste lege wurden. Soe Jezus dat fisioen ek hân ha doe't Hy foar de offerkiste oer sitten gie en der mei stúdzje nei seach, hoe't it folk jild yn 'e offerkiste smiet? Dan seach Hy net allinnich hoefolle dy earne frou joech, mar ek hoe'n bytsje dy rikelju joegen. Want al kamen dy mei keferden fol bryfkes, sy kamen net mei laadbakken fol munten. Soe Jezus dy earne widdo faaks neame om't dy rikelju in foarbyld oan har nimme moasten?

It ferhaal oer de duit fan 'e widdo is bemoedigjend foar minsken dy't har like earm as dy widdo fiele. Mar hoe bemoedigjend is it foar minsken dy't net jouwe fan har earmoed, mar fan har rykdom? Sûnt de tweintichste ieu jouwe bibelútlizzers foaral omtinken oan dy fraach, as se it ferhaal fan 'e duit fan 'e widdo behannelje. Neffens har sprekt Jezus hjir gjin segen út oer de earmen, mar in flok oer de riken. Want is it gjin grouwélich skandaal dat bliken die dat der ûnder it folk fan God noch earne widdo's wienen? Dochs fielden sokke widdo's it as har religieuze plicht en keapje fan it bytsje jild dat sy hienen gjin iten foar har sels of foar har bern, mar jou in bydrage foar it yn stân hâlden fan in blastich hillichdom.

Is it ferhaal fan 'e duit fan 'e widdo net de perfekte yllustraasje by wat Jezus krekt noch sein hie: "Pas op foar de wetlearaars dy't graach yn lange mantels omrinne en der graach oer meie op 'e merk groete te wurden, op 'e foarste stuollen te sitten yn 'e synagoge en op 'e eareplakken oan it gastmiel. Mar se slokke it hiele hawwen en hâlden fan de widdowen op". Jakobus, de broer fan Jezus, soe letter yn syn brief skriuwe: "Suvere godstsjinst sûnder wryt of slyt yn it each fan ús God en Heit is: wezen en widdowen yn har swierrichheden opsykje" (Jak.1,27). As dy wetlearaars oan reïne en suvere/godstsjinst dwaan woenen, soenen sy har jild net foar it each fan elkenien yn 'e offerkiste stopje moatte, mar yn it geheim dy earne widdo wat tastopje moatte (vgl. Mt.6,1-4).

Mar al haw ik noch sa folle sympaty foar dy útlis, yn it ferhaal sels fyn ik gjin oanwizings dat it sa lêzen wurde moat. Teminsten, as ik Jezus sizzen hear: "Wier, Ik sis jimme: Dy earne widdo hat it measte fan allegearre yn 'e offerkiste dien", dan klinkt my dat net yn 'e earen as in ferwyt. Myn yndruk is no krekt dat Jezus, wylst Er tasjocht hoe't al dy minsken jild yn 'e offerkiste dogge, ynienen seit: "Sjoch no ris, wat moai!" Hy seit der ek by wêrom't Er dy widdo sa'n moai minske fynt: "Want de oaren dienen der allegearre fan har oerfloed yn, mar sij hat der fan har earmoed yn dien, alles wat se hie, alles dêr't se fan libje moast".

No soenen je dêr tsjinyn lizze kinne dat Jezus dêrmei dochs ek wat fan dy oaren seit. Dy jouwe net fan har earmoed, mar fan har oerfloed. Yndie. Mar is dêr dan wat mis mei? Dat hear ik Jezus hielendal net sizzen. Hy seit net dat it grutte bedrach dat dy oaren yn 'e offerkiste dogge *neat* wurdich is, mar dat it lytse bedrach dat dy widdo deryn die *meat* wurdich is. Wêrom? Om't sy mei dy twa skeamele muntsjes alles jout dat sy hat. Sy set har eigen bestean op it spul. Sy jout harsels wei.

Ik tink dat Jezus sa ferheard reagearre, omdat Hy tusken al dy minsken ynienen Himsels weromkende. In skoft lyn hied Er ris sein: "As immen My folgje wol, moat er himsels weisiferje, syn krús opnimme en My neifolgje. Want dy't syn libben hâlde wol, dy sil it ferlieze, mar dy't syn libben ferlieze doar om My, dy sil it fine" (Mt.16,24.25). Mar ta syn fernuvering sjocht Er yn 'e timpel yn Jeruzalim ien dy't op dy wei net achter Him oan komt, mar al foar Him útgiet.

Dysels weisiferje en dyn krús op dy nimme, dat binne sokke grutte wurden dat de skrik dy om it hert slacht, alle kearen ast se hearst. Jezus seit wol datsto dyn krús ek op dy nimme moast ast Him folgje wolst, mar dat makket dy mar ûnrêstich. Rêst fynst earst, net asto foar Him in krús drage hoechst, mar as Hy foar dy it krús draacht. Dat is dochs ek it hert fan it evangeelje? In gesang út it nije Lieteboek seit is sa:

Wy kinne wol mei fromme winsken  
en biddend om him hinne stean,  
mar ta befrijing fan 'e minsken  
moat Hy allinne gean (NLB 582:5)

Wy kinne gjin bydrage leverje oan ús ferlossing en wy hoege ek gjin bydrage te leverjen oan ús ferlossing. Mar wêrom moatte wy dan dochs noch in krús op ús nimme? Ik haw al frijwat kearen yn in preek wat sein oer dat wurd fan Jezus, mar kin noch altiten net oersjen wat Jezus der allegear mei /bedoeld hat. It ferhaal oer de duit fan 'e widdo helpt my der wat mear fan te begripen. Want dyn libben ferlieze om it te finen, dat liket in hege priis foar it folgjen fan Jezus. Mar wat is in hege priis? It koste dy earme widdo twa reade sinten...

Mar al liket dat mar/ in bytsje, it is in soad as je it net hawwe. Dy twa reade sinten, steane dy net foar it bytsje jild datst net hast, it bytsje tiid datst net hast, it bytsje enerzjy datst net hast? Dochsgiet dat net op. Yn alle gefallen gie it foar dy earme widdo net op. Want dy twa reade sinten stienen by har foar it bytsje jild dat sy ál hie. Folle koe se net jaan, mar it bytsje dat sy hie, joech sy wei.

Je soenen sizze: dan hie sy wol in better doel fine kind om it bytsje dat sy hie oan út te jaan. Dat sizze Jezus' learlingen twa haadstikken fierderop ek, as – alwer – in frou har sinten útjout oan it fleske parfum foar Jezus: "Wat jout no sok weismiten fan 'e balsem? Dy balsem hie ommers wol foar mear as trijehûndert denarjes ferkocht wurde kinnen en dat jild oan 'e earmen jûn" (14,5). Mar dy fromme wurden bewize allinnich mar dat se der net folle fan begrepen ha hoe't leafde him uteret. Want krekt omdat dy frou sa ynlik folle fan Jezus hâlde, joech se in bedrach dêr't in gewoane arbeider trijehûndert dagen foar wurkje moast út oan parfum foar de Messias. Klearebare dwazens? Yn alle gefallen *klearebare*dwazens. Want it is de dwazens dêr't de leafde dy ta ferliedt.

Soe dy earme widdo har lêste sinten yn 'e offerkiste dien ha, om't se safolle fan 'e timpel hâlde? Miskien kinne jo jo dat net yntinke. Dochsgiet der yn ien fan 'e Psalmen: "Heare, ik hâld fan it hûs dêr't Jo wenje, fan it stee dêr't jo gloarje tahâldt" (Ps.26,6). Blykber wie dat by dy earme widdo ek sa. Sy die net minachtsjend oer in kollekte foar it ûnderhâld fan 'e gebouwen. Want yn dat gebou fiele dy har thús. Yn 'e wurden fan de Psalm dy't derop folget:

Ien ding beweecht my mei in sterk ferlangen,  
ien ding haw ik begeard en ynlik socht:  
dat ik, Him loovjend yn myn timpelsangen,  
myn libben lang by God ferkeare mocht.  
Syn hillich hûs oermacht'get my alhiel.  
Hjir toevet mei ferwûndering myn siel,  
om yn oanbidding en yn lof ferlern  
de leaflikheid fan God de Hear te sjen (Ps.27:2).

Miskien hie dy widdo yn 'e timpel har thús fûn, sûnt har eigen hûs leech wie. Gjin man dy't har beskerme, gjin frou dy't har begriep, gjin mins dy't op har wachte. Sy hie allinnich God noch. Hy wie har alles wurdich: twa koperen muntsjes, alles wat se hie, alles dêr't se fan libje moast.

It is net allegear goud dat er blikkeret, sizze wy wol ris fan ien dêr't je folle goeds fan sizze kinne. Mar wat no as Jezus Him graach oer it mad komme lit, net mei al dy dingen dêr'st goed yn bist, mar mei dy pear dinkjes dêr'st net goed yn bist? Dy fraach hat my yn 'e besnijing sûnt ik it ferhaal oer de duit fan 'e widdo begjin oan te fielen. Tinke jo der ek ris oer nei. Watfoar duit moat ik yn it ponkje dwaan, as it him net sit yn al dy dingen dy't ik wol goed doch, mar yn dy pear dingen dy't ik *echt* goed doch? Want echt goed binne de dingen dêr't ik eins gjin jild, gjin tiid, gjin enerzjy foar haw. Dingen dy't ik doch omdat ik leafha. Dingen dy't net allinnich goed en wier, mar ek moai binne. Dingen dy't wat sjen litte fan Him dy't my kocht hat, net mei goud of sulver, mar mei syn libben (1Pt.1,18.19). Dingen dêr't Jezus fan sizze kin: "Sjoch no ris, wat moai!"

Amen.